


Dorpscanon van Folsgeare

Jentje Everts *fersus* Hoyte Lolkes



© kaart Schotanus 1718

Jentje Everts *fersus* Hoyte Lolkes

Evert Alberts út Reduzum en Berber Claeses út Grou trouwe op 29 septimber 1715 yn Grou. Nei harren houlik komme se yn Raard te wenjen dêr't Tetje 1716, Rinske 1718, Gerben 1720, Albert 1722, Ytje 1724, Klaas 1726, Jacob 1728, **Jentje** en Hinke 1734, Sybren 1735 en Anke yn 1738 berne wurde.

Jentje Everts (de Groot) út Raard, de iene helte fan de twilling, trout op 6 maart 1757 mei Akke Bonnes út Grou. Nei 1768 is hy boer wurden op Suderburen yn Folsgeare (Easthimmerwei 23), it lân fan de ôfbrutsen buorkerij dêr neist hat hy der by. Yn 1778 is hy tegearre mei syn broer Jacob Everts kurator oer de bern fan syn suster Hinke en Rinske.

Pieter Luitjens is boer en trouw mei Trijntie Klaases. Se wenje nei harren trouwen yn Skearnegoutum dêr't op 8 oktober 1752 Wypkjen Pieters berne wurdt. De húshâlding ferhuzet letter nei Tsjalhuzum.


Hoyte Lolkes fan Folsgeare trout op 23 maart 1777 mei dizze Wypkjen Pieters fan Tsjalhuzum. Nei harren trouwen komme se te wenjen op Walma state, dêr't op 18 septimber Jelle berne wurdt.

Nei 1811, it jier wêryn't eltsenien ferplichte wurdt in efternamme te hawwen, wurde harren nammen fêststeld as Hoyte Lolkes Meilema en Wypkjen Pieters Kleiterp.

Dorpscanon van Folsgeare

Jentje Everts *fersus* Hoyte Lolkes

Dat Jentje Everts en Hoyte Lolkes binne buorlju mar de ûnderlinge ferhâldings binne net al te bêst. Dit docht wol bliken út in ferklearring út 1777 dêr't in kopy fan yn it argyf fan Feike van der Velde te finen is.



Copei

Attestere, ik onderschrevene Jentje Everts huisman woonagtig te Folsgeare, voor enige weken zijnde den 11 maart des jaars 1777 in de stad Sneek gekomen zijnde en aldaar bij enige menschen op de straat stande te praten, quam Pieter Luijtsens, onvanger van Talhuisom woonagtig te Talhuisom, daar voorbij, welke mij attestant allen heeft geroepen, en versogt mij te mogen spreken, waar op ik attestant van voorn. menschen ben afgegaan, en naar voorn. Pieter Luijtsens toe gegaan gepraat wat hij te seggen had waar op hij antwoorde of ik attestant getuigenesse der waarheid had gegeve in die saak tusken Hoyte Lolkes en sijn parti, En of ick attestant haar geheel en al wilde tegen zijn, en hoe veel geld dat ik attestant wilde hebben om aan de kant te zijn van voorn. Hoyte Lolkes, waar op dit alles heb geantwoort, daar niets met te doen te willen hebben, En wanneer het er op aan quam, die waarheid zou zeggen, waar op voorn. Pieter Luijtsens vorder seide, dat als ik attestant niet aan haar kant wilde zijn, mij zoude verklagen aan de Grietman, waar op aan hem zeijde, dat hij dat maar moeste doen, daar op Pieter Luijtsens voorn. mij in de hand drukkende, en versoekende mij attestant met die saak niet te willen bemoeijen


En gegeve tot een opregte en suijsere ...

En also deese mijne verklaring is versogt, so hebbe dese niet willen of kunnen weigeren, en gegeve tot een opregte en suijsere verklaring om te moogen streken naar behoren, bereidt zijnde indien dit inne gemeld tot bekrachtiging mogte wierden versogt, met solemnelen eede te willen bevestigen, in kennesse mijn

Dorpscanon van Folsgeare

Jentje Everts *fersus* Hoyte Lolkes

eigen handege suscriptie ter presentie van de secretaris Sennerus als versogte getuige act om Ylst den 11 may 1777



ntie van de Secretaris Sennerus
- Adom Ylst den 11 May 1777
Was getekent Jentje Everts
H. M. Sennerus

Was getekent Jentje Everts

H.M. Sennerus Secretaris

Attestant = Tsjûge

Attestere sil " tsjûgenis " wêze

Voorn. = Voornoemde

De kearn fan it probleem wurdt hjir net út de doeken dien, mar wol dat Jentje Everts him net omkeapje lit troch de skoanheit fan Hoyte Lolkes.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Kaartje: Schotanus